

Klaske, Elske, Atsje, Onno, famylje, oanwêzigen,

‘Juster, 25 jannewaris’, sa stie ferline wike tongersdei op myn mail, ‘is Rindert wer mei in longûntstekking opnommen yn it MCL. De spullen foar de gearkomste fan 1 febr. lizze klear. Groetnis, Klaske.’

Sa’n soarte fan berjocht hie ik faker hân, mar altiten hie Rindert it wer opret. Ik hie dus in oare gearkomste yn ‘e holle as dy op dit plak. Ik haw efkes lûdop flokt doe’t ik Klaske sneontemiddei oan de tillefoan krige mei de fatale tyngje. Mei soks efkes nei sa’n berjocht? En dan de fraach: Wolsto wat sizze oer Rindert as publike figuer? Ja, fansels. De rest fan ‘e middei wie ‘k goed fan ‘t sintrum. Klaske en de bern hawwe in bysûndere man en heit ferlern. En ik ien fan myn grutste bewegingsmaten. Hoe soe ik yn goed 10 minuten fan Rindert, dy’t sa’n 45 jier bûtenwenstich aktyf west hat yn de Fryske Beweging, in goed en folslein byld jaan kinne? Ik sil my beheine moatte ta wat foar my it wichtichste wie en is.

It begjint mei Rindert al yn it Amsterdamske Fryske studinteselskip *Cygnus Resurgens*. Hy lit him as studint politike en sosjale wittenskippen dúdlik hearre yn de bewegingsdiskusjes fan dy tiid. Wurdboek- en staveringkwetsjes spylje. Rindert falt op. Hy wurdt foarsitter fan de *Federaesje fan Fryske Studinteforienings*. En by it ôfskied fan Rindert as redakteur fan *Fryslân Oerein*, it blêd fan de *Federaesje*, sprekt Marten Ferwerda yn maaie 1961 al de hope út dat fan de twa leafden dy’t Rindert hie, *Fryslân* en de *polityk*, it Fryslân wurde soe en dat Rindert yn de takomst in plak yn Fryslân ynnimme soe.

Ferwerda moat in man mei hast paranormale jeften west hawwe as er de profetyske wurden sprekt: ‘Dêr is dêrre in great forlet fan lju, dy’t it har heitelân miene. Hjir is der in man dy’t dat docht. Hy is by steat foar Fryslân mear út ‘e wei to setten as in oar.’

Yn 1965 wurdt Rindert mei syn 28 jier dan ek ien fan de jongste en warberste foarsitters dy’t de *Ried fan de Fryske Biweging* ea hân hat. It bestjoer komt hast alle fjirtjin dagen byinoar yn *De Kroon* te Ljouwert. De iene bewegingsbrief nei de oare giet nei syn komst de doar út. Rindert-en-dy jouwe de stjit ta it provinsjale taalbefoarderingsbelied (1965). Mei Tony Feitsma, de skriuwster fan de Ried, kriget er it klear dat de Fryske taalpolitike winsken by minister Klompé fan CRM op ‘e tafel komme. En dat der yn 1969 in kommisje Van Ommen ynsteld wurdt. Dy smyt foar Fryslân de saneamde ton fan Van Ommen op en dêrmei de jildlike erkenning fan de posysje fan it Frysk. It hiet in groeipost te wêzen ... It binne benammen de fertsjinsten fan Rindert en Tony dat der konsept-wetsûntwerpen komme foar it bestjoers- en rjochtsferkear. En dat der yn 1968 by amendemint yn de brêgeklasse ûnder Nederlânsk ek Frysk jûn wurde mei. En ek dat steatssekretaris Grosheide yn 1969 it fersyk fan de Bewegingsried honorearret om it Frysk as karfak ta te litten yn it mafû, hafû en twû/vwo mei de hast legindaryske fraach: ‘Waarom eigenlijk ook niet?’

Seis jier lang, oant 1971, is Rindert it spearpunt fan de Ried. Oft it no om de staveringsstriid, it twadammeplan, de gewestfoarming of it Frysk yn it ûnderwiis en it offisjele ferkear giet, Rindert rint mei foarop. Hy sprekt him út oer Fryske strjitnammen, oer twatalige plaknambuorden en offisjele Fryske plaknammen. Hy jout, sa seit Vledder yn *De Pompeblêden*, as er wat ‘begrepen’ hat, net gau belies en besiket faak alle wegen dy’t nei Rome liede, te gean, ek al steane oeral plysjes en barriêren. Dêrmei jout er as symboal fan de beweging oare bewegers it skaad dêr’t se harren yn ferskûlje en yn trochrinne kinne. Rindert wurdt in publike persoan yn Fryslân.

Ien fan syn alderwichtichste prestaasjes is, tinkt my, dat Rindert troch syn persoanlike kontakten foar 't neist in *beskiedende* rol spile hat yn de ferplichting fan it Frysk yn it leger ûnderwiis. Dat is hiel wat oars as in *beskieden* rol. It klimaat foar it Frysk is yn dy tiid aardich geunstich en it Ryk begjint mear each te krijen foar de Fryske kwestje.

Yn syn lêste jier as foarsitter fan de Bewegingsried lear ik, as nije skriuwer fan dy organisaasje, Rindert fan tichteby kennen. Krapoan in jier letter is it foar syn opfolger, Sybren Sybrandy, en my fanselssprekkend dat Rindert as adviseur oan de Ried ferbûn bliuwt. Sa'n rinnend argyf, sa'n foarbyld en sa'n ynspirator kin men net sûnder. Wa't de muoite nimt en sneup de jiergongen fan *De Stiennen Man*, *Frysk en Frij*, *De Pompeblêd(d)en* en de *Frijbûtsjer* der noch ris op troch, dy komt ûnder de yndruk fan wat Rindert allegear byinoar skreaun hat. Syn diploma fan de sjoernalistekursus Nederlandse Pers docht grutte fertuten.

Fan oktober 1966 oant 1972 kin Rindert op 'e souder fan it *Coulonhûs* fan de Fryske Akademy ek profesjoneel foar it Frysk oan 'e slach. Fan deputearre Van der Mark mei er it *Buro foar taalbifoardering fan de Provinsiale Underwiisried* opsette. It Provinsjaal Bestjoer joech dêrmei oan dat it echt wat dwaan woe om it Frysk yn it maatskiplik ferkear in better plak te jaan. Fan 1972 oant 1975 ferset er as skriuwer fan de provinsjale *Kommisje bifoardering Frysk Taelgebrûk* likegoed in ûnbidich stik wurk. Dat wurk is it ek méi oan te tankjen dat yn 1970 it Frysk as eksamenfak ynfierd wurdt yn it mafu, hafû en twû/vwo. Ik neam jitris 1974, as it Frysk in ferplichte fak wurdt yn it leger ûnderwiis. It binne foar Rindert en it Frysk siidders- en settersjierren.

As er yn 1968 mei Klaske trout, wegerje se beide de trou-akte te ûndertekenjen, omdat dy net yn it Frysk mei. Op de trou-akte komt no te stean: 'Partijen weigerden deze akte te tekenen, aangezien deze niet in de friese taal was gesteld.' Sels de lanlike parse skriuwt deroer. Rindert hat it mar troffen mei syn Klaske. Se bliuwe ek yn it eigen, persoanlike libben trou oan harren Fryske idealen. It hat noch in moaie troufoto op it omslach fan *De Strikel* opsmiten. Ik haw dat omslach altiten trou bewarre as in eksimpel fan foarbyldich en prinsipiell taalgedrach.

Rindert wurdt yn 1972 direkteur fan de Afûk en kriget dêr op 1 jannewaris 1975, nei it opdoekjen fan de taalbefoarderingskommisje, in deitaak oan. Dat is it startpunt foar grutte feroarings yn dat frij ûnopfallend ynstitút. Der komme nije kommisjes foar learplannen, learmiddels en eksamens, foar de taalsoarch en foar de taalnoarm fan it Frysk. De opset fan *De Pompeblêden* feroaret. Rindert wurdt ek útjouwer en boekhanneler. It is it begjin fan in lange rige fan goed bylkjende Fryske berneboeken en learmiddels en fan gâns oersettings út oare talen. As ik yn 1977 de kâns krij om Afûk-foarsitter te wurden en sa Rindert yn syn wurk by te stean, dan doch ik dat midden yn de staveringsreboelje. Myn beide foargongers hiene al yn dy striid belies jaan moatten, sa ferdiel wiene de Afûk-bestjoersleden dêryn. Ek yn dy drege perioade haw ik wer in protte fan Rindert leare kind.

Foar de rjochten op it oersetten fan bûtenlânske boeken reizget Rindert geregeld nei de *Frankfurter Buchmesse*. Ienkear hat er it weage en nim wat froulike leden fan de learmiddelkommisjes mei foar advys, sa hat er my wolris tafertroud. Se woene geregeld sitte, wat drinke en op 'e tiid wer nei hûs. Dat wie dus ienkear en net wer. Op de *Didacta*, in grutte tentoanstelling fan learmiddels yn Brussel, haw ik sels konstatare kind, dat Rindert echt net wist wat 'wurgens' wie. Altyd yn 'beweging' en alles foar it 'Frysk'.

Underwilens giet it net goed mei syn eagen. Dat haw iksels ek wolris wat ûnderskat. It wie op in izich kâlde winternacht yn de tachtiger jierren. De snie lei heech. It snijde grutte flokken en it sicht wie in pear meter. Ik brocht him nei ôfrin fan in Afûk-bestjoersgearkomste mei de auto nei hûs, yn Tytsjerk. Ik frege him om dúdlik oan te jaan as wy oan de ôfslach nei it doarp ta wiene. De lêste twahûndert meter soed er dan wol rinne. Wy hiene noch mar efkes yn de auto sitten of hy kriget it flauwe skynsel fan in lantearnepeal yn it each en ropt: Ho, hjir is 't! Rindert stapt út. Ik ryd mei de gong fan in fytser fierder en sjoch nei sa'n twa, trije kilometer wer in lampe. Ynienen krij ik in hiel raar gefoel yn 'e mage. Suver mislik kom ik krûpendewei in pear oeren letter yn Drachten oan. Skilje! Daliks! Rindert nimt de hoarn op. Hy is krekt thúskommen oer in parallelwei. En nèt kleie ... Rindert is in trochsetter.

By it ôfskie fan Rindert as Afûk-direkteur makket Tony Feitsma yn 1992 in tuskentiidske balâns op. Se seit: Rindert hat in ynfastruktuer neistribbe dêr't it Frysk by sykhelje koe. Dat hat foar it Frysk, de Fryske kultuer en de Fryske polityk fan grut belang west. En sa is 't.

De *Krite Ljouwert* fan it *Ald Selskip (1844)*, de *FNP*, de *Bewegingsried*, it *GCO/MSU*, de *Fryske Akademy*, it *Pedagogysk Wurkferbân* dêrfan, en last but not least de *FFU*, hawwe in ûnhjirmlik soad oan him te tankjen. Gauris jierrenlang ek as bestjoerslid. Mei in gefoel fan weemoed haw ik yn it lêste nûmer fan *Swingel* syn 'De Ried te'n ein?', nochris trochlêzen, mei deryn de lêste goeried fan in man dy't sels hast te'n ein wie. En ek nochris syn FFU-konseptbrief foar de Twadde Keamer oereage, dêr't er yn bepleite dat in 'aanmerkelijke deel' fan it Frysk as fier- en ynstruksjetaal yn de *Wet op it Primêr Underwiis* opnommen wurde moast. Wat mankelyk tink ik oan al dy gearkomsten fan de FFU, dy't wy de lêste jierren by Rindert oan hûs holden hawwe en dêr't Klaske sa goed foar him en ús soarge; 11 jannewaris 2006 hat de lêste kear west. Trije dagen letter hat er op it Keetwâltsje noch meipraat oer de takomst fan de Ried ...

'Rindert is op 25 jannewaris mei in longûntstekking opnommen yn it MCL', sa mailde Klaske ús, 'de finansjele stikken lizze klear'. Twa dagen letter is de man dy't oan syn lêste siken ta oer it heitelân wekke, stil by ús weirekke. Yn it harnas. **In ikoan is stoarn.**

Yn in tiid dat it Frysk yn ús eigen Fryslân by de plysje, it wetterskip en de Drachtster *Pluskrante* it leafst foar dea ferklearre wurdt, witte wy wat dizze stânfries fan ús ferwachtet. Rindert, dat wy allegearre wat fan dyn kriich yn ús bewarje meie!

*Sa útsprutsen yn it krematoarium 'Goutum' te Goutum
op 1 febrewaris 2006,
Sytze T. Hiemstra*

Boarnen:

- Feitsma, T., 'By it ôfskie fan Rindert Straatsma'. Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 63, nû. 6, des. 1992, s. 4-5.
- Hiemstra, S.T., 'Oantinkens oan Rindert Straatsma en de AFUK'. Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 63, nû. 6, des. 1992, s. 5-8.
- Straatsma, R., 'De Ried te'n ein?'. Yn: *Swingel*, nû. 13, 2006, s. 16-17.
- *De Strikel*, jrg. 11, nû. 3, maart 1968 [omslach].
- Van der Velden, B.D., 'Waar gaan wij heen met het Fries?' Het gebruik van de Friese taal in het juridische en in het bestuurlijke verkeer in de laatste twee eeuwen. Nijmegen: Wolf Legal Publishers, 2004, XIV, s. 278.
- Vledder, G., 'In spearpunt hat it net maklik'. Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 63, nû. 6, des. 1992, s. 2-4.
- Vries, K. de, 'Straatsma en de Underwiisried'. Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 63, nû. 6, des. 1992, s. 1-2.